

aventoer. It is ek in ferantwurdlike taak. De brûkers fan Fryske wurdboeken sjogge dy om oars begryplike redenen mar al te gau as de noarm. Sy hawwe der rjocht op om te witten wat beskreaun wurdt, wêrby't it *Hânwurdboek* uteraard oare, strakkere grinzen lûke kin as it *WFT*.

Rijksuniversiteit Groningen
Frysk Ynstitút

des Wurke 52 (2003)
77-87

BESPREK

Handbuch des Friesischen / Handbook of Frisian Studies. Herausgegeben von / Edited by Horst Haider Munske. In Zusammenarbeit mit / In Collaboration with Nils Århammar, Volkert F. Faltings, Jarich F. Hoekstra, Oebele Vries, Alastair G.H. Walker & Ommo Wilts. Tübingen (2001), Max Niemeyer Verlag. 845 pp. ISBN 3-484-73048-X. Euro 148.

Dêr leit it dan: hast 2 kilo swier, 845 siden tsjok, 79 haadstikken, 45 auteurs, 7 redakteuren, hast 8 jier fan tarieding: it *Handbuch des Friesischen*.

1. It boek en de skriuwers

It begjin fan it Handbuch giet tebek op in bydrage fan Munske oan it twadde Föhrrer Symposium zur Friesischen Philologie yn 1994 (sjoch Munske 1995). Munske, dy't him earder yn Munske (1979) ek alris bekroade hie oer de posysje fan 'e frisytyk, makket him dêryn soargen oer de isolearring fan it fak, benammen yn relaasje ta it gruttere gehiel fan 'e germanistyk. As ien fan 'e oplossings suggerearret er it ta stân bringen fan in hânboek. Net lang dêrnei wurdt der yndied in redaksje foarme ûnder syn foarsitterskip, mei ek fierder in navenant frij swiere Dútske, of kreokter sein Noardfryske, ynbring (Århammar, Faltings, Walker en Wilts). Twa leden fan 'e redaksje kamen oarspronklik út Westerlauwersk Fryslân wei (Hoekstra en Vries), en opfallend genôch is der gjinien represintant fan it Easterlauwerske gebiet, al hoecht men jin dêr yn it ramt fan 'e swakke ynstitúsionele basis fan 'e frisytyk dêre ek wer net al te bot oer te fernuverjen.

Yn it begjin fan it jier 2002 is it boek dan einliks klear, ek al wurdt as jier fan ferskinen noch 2001 opjûn. Dat jiertal kin grif net los sjoen wurde fan it histoaryske feit dat persiis hûndert jier dêrfoar Theodor Siebs syn monumintale oersjoch fan 'e Fryske filology ferskynd is (Siebs 1901). Koe Siebs it yn syn tiid noch allinne ôf, no moasten der mar leafst 45 auteurs oan te pas komme om it hiele fakgebiet te beskriuwen, al moat ek tajûn wurde dat dat fakgebiet ûnderwilens al breder wurden is. En likegoed is it noch altyd sa dat guon lju mear as ien spesjalisme behearskje. Sa tekenet Ommo Wilts foar mar leafst 7 haadstikken, al is it in pear kear ek yn 'e mande mei in oar. Goede twadde is dêrom Oebele Vries, dy't syn namme ûnder fiif bydragen stean hat. Bremmer, Versloot en Walker tekenje foar fjouwer haadstikken, en N. Århammar, D. Boutkan, R. Ebeling, J. Hoekstra en A. Feitsma elk mis foar trije. De redaksje sels hat by it skriuwen dus ek net stilsitten; allinne fan Faltings ûntbrekt in bydrage, en haadredakteur Munske leveret mar ien.

It is de redaksje ek slagge om bûten it lytse rûntsje fan frisisten te werven, bygelyks by besibbe talen (de nearlandikus Van Bree oer it Stedfrysk, de nedersaks Niebaum oer de ûndergong fan it Frysk yn it eardere Eastfryske gebiet, de âldgermanist Seebold oer iere tsjûgenissen oer de Friezen by antike skriuwers), en is útsoarte by frjemdfolk te riede gien at it oer dissiplinen gong dy't net ta de tradysjonele frisistyk hearre, lykas de argeology.

Dêr is al oan te sjen dat de redaksje de kar fan te behandeljen ûnderwerpen breed opfette hat, my tinkt mei rjocht en reden, omdat it boek ek foar in breed publyk ornearre is, en oars wol omdat in smelder publyk fan bygelyks taallju faaks dochs ek wol de bredere maatskiplike of histoaryske eftergrûnen witte wolle sil dêr't dy talige ynformaasje him tsjin ôfspilet. En sa komt dus net allinne de argeology oan 'e oarder, mar bygelyks ek de algemiene skiednis fan 'e Fryslannen, de rjochtsskiednis fan it midsieuske Fryslân, en it hjoeddeiske plak fan 'e taal yn maatskippij en ûnderwiis.

Der is ien ûnderwerp dêr't it belang my lykwols net fan dúdlik is, tewitten it byld fan 'e Friezen yn 'e skriftekennisse. It is ek noch ferparte oer twa haadstikken, ien oer it byld yn 'e Nederlânske literatuer (troch Johan Frieswijk) en ien oer dat yn 'e Dútske (troch Jakob Tholund). Dat ûnderwerp hinget der op himsels al raar by omdat it gjin itige stúdzjegebiet foarmet; de haadstikken jouwe dan ek allegearre nije ynformaasje ynstee fan dat se in gearfetting binne fan besteande kennis. Mar dan noch: wat bringe se mear by as in aardichheidsje op himsels? Omdat net de Fryske literatuer, sels it ûnderwerp fan stúdzje is, mar krekt de net-Fryske, is mooglik - ik doch mar in roai - it idee hjirefter dat sa'n ûndersyk wat seit oer it aparte yn it folkskarakter fan 'e Friezen. Mar at dat sa is, dan kinne jo tinkt my better te riede gean by psychologen of plasseopmjitters, dy har útkomsten binne altyd noch direkter en generalisearjender en dêrmei bestekliker as wat in tafallige romanskriuwer yn syn ferhaal brûke kin. Bliuwt Tholund dan noch de konstataarjende kant neist, Frieswijk mient ek noch neigean te moatten oft dat byld út 'e literatuer wei wol mei de werklikheid strykt. In ûnsinnige fraachstelling, tinkt my, in skriuwer hat no ienris de frijichheid om op te skriuwen wat er wol. Immen as Vestdijk bygelyks hat syn romans wier net yn Fryslân spylje litten om syn lêzers mei de Friezen yn 'e kunde te bringen, dy hat allinne in eftergrûn nedich hân om syn algemien-psychologyske kategoryen ferarbeidzje te kinnen. Yn syn slotskôging klinkt by Frieswijk sels oars ek de nedige twifel troch oer it nut fan syn eksersysje.

Mei safolle meiwurkjende auteurs falt it fansels net ta om de nedige ienheid yn 'e presintaasje te hâlden: elke fûgel sjongt no ienris sa't er bebekke is. Hiel noflik om te lêzen binne bygelyks Algra (skiednis Aldfrysk rjocht), Johnston (Aldfryske en Leechdútske rjochtshânskriften) en De Haan (resinte ûntjouwings yn 'e taal-kunde; Aldfryske syntaksis). Hja hawwe ek dúdlik writen dien om de nijeling yn it fak goed paadwiis te meitsjen. Dat docht ek Vries (frisistyske tydskriften en searjes; midsieuske en lettere skiednis; Aldfryske oarkonden; skriuwtalwiksel), hy is bygelyks begrypliker as syn fakbroer Panten (Noardfryske midsieuske skiednis), en

boppedat strielet by Vries de deeglikens der ôf. Deeglik is Boutkan (Aldfryske fonology en morfology) ek, mar dy skriuwt my wolris te kompakt. Deeglik is Ârhammar (ynfloed oare talen op it Noardfrysk; komôf Noardfriezen; Noardfryske histoaryske grammatika) likegoed, mar swinge docht it by him bepaald net. En Timmermann (Noardfryske plak- en persoansnammen) is yn syn te opneamerige presintaasje hast irritant.

Wêr't de auteurs ek útinoar rinne is de taal dêr't se yn skriuwe. De redaksje hat se frij litten om it yn it Ingelsk of Dútsk te dwaan, en dêrmei krijt it boek fuortdalks in hybride karakter. De redaksje siet hjir ek mei in lestich probleem. It Fryske taalgebiet is hjoeddedei ferspraat oer twa steaten, Dútslân en Nederlân, en dêrfan kinne jo it Dútsk noch wol in ynternasjonaal tagonklike taal neame, mar it Nederlânsk is dat net, en it westerlauwerske Frysk noch minder. It is wol in minderheid fan 'e auteurs dy't de foarkar jûn hat oan it Ingelsk, mar oersetten fan dy 33 haadstikken yn it Dútsk hie in heikerwei west, en boppedat wurdt fansels op wrâldskaal it Ingelsk passyf ek folle mear behearske as it Dútsk. Foar de ienheid hie it oarsom fansels ek noch kind, mar dan hie der noch mear oer te setten west, en dan hiene jo boppedat it neidiel hân dat de East- en Noardfriezen, dêr't it Dútsk de twadde taal foar is, de stikken oer har eigen taal yn in frjemde taal lêze moatten hiene. Dy binne no yndied allegearre yn it Dútsk te lêzen, dat is te sizzen mei de útsûndering fan Walker syn ferhanneling oer "Extent and position of North Frisian".

It is oars net sa dat alle auteurs út Nederlân ek allegearre yn it Ingelsk skriuwe. In minderheid fan harren docht it ek yn it Dútsk: Feitsma (oersjoch Fryske filology; ferskriftliking; Midfrysk), Vries, Van Bree (mingdialekten), Gezelle Meerburg (literatuer 20ste ieu), Frieswijk, Algra en Van der Kooi (folksferhalen). De Westfries Versloot hâldt him ek by it Dútsk, mar dy skriuwt ek meast oer Eastfryske ûnderwerpen (Wangereagersk; taalskiednis; ferlykjende histoaryske fonology).

Binne de measte bydragen yn it Dútsk, ek oars is te fernimmen dat de yndied foar it grutste part yn Dútslân wenjende redaksje út it Dútsk wei tocht hat. Sa stiet op it omkapt "Handbuch" boppe "Handbook", begjint it boek mei in "Vorwort" en komt der dêrnei pas in "preface", en wurde de ôfdielings en ûnderôfdielings earst yn it Dútsk oantsjut. Noch sterker komt de primêre oriïntaasje op it Dútsk ta utering yn it saakregister, dat wol twatalich is, mar dêr't de Ingelske stekwurden hyltyd nei de Dútske ferwiisd wurde. By de fierdere ûnderferdielings yn it register wurdt it Ingelsk al net iens mear brûkt, en dat jildt ek foar de oantsjuttingen fan 'e (ûnder)ôfdielings boppean de loftersiden. En de beide oars tige nuttige en oersichtlike kaarten fan it hjoeddeiske c.q. midsieuske taalgebiet oan 'e beide binnenkanten fan 'e skutblêden ha ek in ientalige Dútske leginda.

De oplossing om de kar fan 'e fiertaal oer te litten oan 'e auteurs sels, kin men tinkt my úteinliks alle frede mei ha. Lykwols, by in oar gefal fan taalkar hie de redaksje neffens my wol yngripe moatten. De Haan jout yn syn oersjoch fan 'e mo-

derne taalkunde oan dat “this sketch will concentrate on publications that are written in a readily accessible language” (s. 32). It mei tinkt my net sa wêze dat ien meiwurker op eigen manneboet datsoarte beheinings oanbringt. Sa'n hanboek heart de brûkers foar te ljochtsjen oer de ynhâldlike stân fan saken yn in fakgebiet, en dan docht de taal dêr't oan dat fakgebiet yn bydroegen is, der net ta. Gelokkich litte de oare bydragen oan it Handbuch de brûkers foarsafier't ik sjen kin frij yn hokker taal oft sy eventuele ferfolchliteratuer bestudearje wolle.

Ek oars hawwe guon auteurs eigenaardichheden dy't de redaksje wol wat mear by de tomme heine mocht hie. Sa brûkt de ien foar it oantsjutten fan ien 'e 79 bydragen de term “artikel”, en de oar “haadstik”. De lûdtrijehernen yn it boek hawwe allegearre in ferskillende opset. Yn it algemien is it ek sa dat de grammatikale bydragen oer de ûnderskate fariëteiten fan it Frysk yn opset en terminology wol wat mear opinoar ôfstimd wêze mocht hiene, al wie it allinne mar om de ferliking wat makliker te meitsjen. En hoewol't it neffens Munske (2002), yn syn bydrage yn it blêd *Nordfriesland*, de bedoeling wie dat der sa min mooglik ôfkoartings brûkt wure soene, hawwe guon it net litte kinnen, lykas Ârhammar, Van der Veen (oer de westerlauwerske dialektology), en alhielendal Timmermann.

Mei oare wurden, om in bytsje in ienheid yn sa'n kompleks gehiel te krijen is mear nedich as dat alle auteurs har bydrage foarôfgean litte troch in fierders o sa handich oersjoch fan 'e paragraafkopkes en him einige litte troch in bybliografy. Dy lêsten, dat moat sein wurde, binne oars treflik fersoarge. Ik haw mar komselden oantroffen dat in al neamd boek of artikel dêr net yn foarkaam. Boppedat foarmje se ek in kaai ta ien fan 'e grutte fasiliteiten fan sa'n hânboek, nammentlik om it te brûken as startpunt foar fierdere stúdzje. Typografysk giet der yn it hânboek eins ek nea wat mis. Ik begryp allinne net wêrom oft by Fort (oer it Sealtersk) de paragrafen oer de fonologie en de morfologie ynienen yn in lytsere letter ôfprinte binne.

2. Yndieling

Ofsjoen fan ynhâldsopjefte en foaropwurd bestiet it boek út in tekstpart (goed 800 siden) en omballings. Dêrta hearre de al neamde kaarten oan 'e binnenkant fan it omkaft, en in part fan in 40 siden efteryn dat in oarsoarte kleur pompier hat, wat tusken griis en koskitengrien yn. Dy oare kleur is praktysk, want yn dizze ôfdieling sitte de typyske opsykapparaten: in list mei de brûkte ôfkoartings, folge fan in list mei bybliografyske ôfkoartings fan tydskriften, feestbondels, wurdboeken en rigen. Dêrnei komme in saakregister en in persoaneregister. It saakregister sit tige goed yninoar, mei by guon stekwurden ek noch wer ûnderferdielings. De siden dêr't it begryp syn wichtichste behanneling krijt, binne fetprinte. It persoaneregister is fansels ien grut feest fan “bien etonné de se trouver ensemble”. Ofgeande op it tal ferwiisplakken soe der út konkluderearre wurde moatte dat Nils Ârhammar de keizer fan 'e frisistyk is, en Dietrich Hofmann syn kening.

It tekstpart fan it boek hat in haadyndieling yn fjouweren, wêrby't de ôfdielings II en III mei respektyflik goed 400 en lyts 300 siden it sintrale plak ynnimme. Se binne faninoar ûnderskaat neffens sismar syngroany en diagroany, of miskien rommer neffens de brûkte Dútske oantsjuttings “Gegenwart” en “Geschichte”. Hielendal strang wurdt dêr lykwols net altyd de hân oan holden. Sa leit Versloot yn diel II yn haadstik 37 it Wangereagersk hielendal út oan 'e hân fan 'e eigenskippen fan it Rûstringer Aldfrysk, en in haadstik earder oer it Sealtersk nimt Fort ek allegearre skiednis op. Oarsom makket Ârhammar him der yn syn haadstik oer de Noardfryske histoaryske grammatika wol wat hiel maklik ôf troch foar de histoaryske morfology en syntaksis foar it meastepart te ferwizen nei oare haadstikken yn it Handbuch. Mar dy steane dus allegearre yn it syngroane part II. Yn dit gefal is dat dizze redakteur lykwols ferjûn, want wat der oerbliuwt fan dat haadstik, de histoaryske lûdleare fan it Noardfrysk, moat nei myn smaak beskôge wurde as ien fan 'e hichtepunten fan it hiele boek.

Ofdieling II hat in fierdere ûnderferdieling foar it Frysk yn Nederlân (II.1) en Dútslân (II.2). My is net dúdlik wêrom oft hjir de tradysjonele trijedieling yn West-, East- en Noardfrysk net oanholden is. It hie foar de measte brûkers wol sa praktysk west. It hie ek foar itselde kind, want no geane de haadstikken yn II.2 ek hyltyd of oer it Eastfrysk of oer it Noardfrysk. Miskien is it dien om te fertsjustere-moanjen dat it Eastfrysk der winliken mar skealik foar wei komt? Sa hat it Noardfrysk aparte haadstikken oer spried en posysje (troch Walker), oer de dialekten (troch Walker en Wilts, dit giet foar it meastepart oer grammatika), stavering (Wilts), Noardfrysk yn taalkontakt (Ârhammar), leksikografy (Wilts) en literatuer (ek Wilts). Dat opspjalten oer fasetten bart net foar it Eastfrysk. Dêrfoar binne der mar twa haadstikken, ien oer it Sealtersk (Fort) en ien oer it Wangereagersk (Versloot). Wêr't de Noardfriezen haadstikken ta har foldwaan hawwe, dêr moatte Fort en Versloot alles yn paragrafen triuwe. Foar it Eastfrysk stiet dêr nammers ek wer wat foaroer. Der is in apart haadstik oer Fryske relikten yn it eastfryske Platdútsk, wylst it ferlykbere ûnderwerp foar Noardfryslân weistoppe is yn Ârhammar syn haadstik oer it taalkontakt. En H. Niebaum hat in haadstik oer de delgong yn it eardere Easterlauwerske gebiet. Mar dat histoarysk rjochte ferhaal hie fansels wer better past yn ôfdieling III. Nammers, at jo hiel krekt sjen soene, hie dat útstoarne Wangereagersk dêr miskien ek wol better thúsheard. Alles meinoar is de ferhâlding tusken east en noard dus net botte lykwichtich. Allinne op it mêd fan 'e nammekunde wurdt it Eastfrysk mei aparte haadstikken oer plak- en persoansnammen (beide fan Ebeling) lykweardich oan it Noardfrysk behannele.

Op syn bar kriget it Noardfrysk lykwols ek wer net sa folle omtinken as it Westerlauwerske Frysk. Dat hat ek noch aparte haadstikken oer leksikology (Dykstra) en Frysk yn it ûnderwiis (Zondag), wylst de grammatika oer standertfrysk (Jarich Hoekstra) en dialekten (Van der Veen) opspjalte is. Boppedat binne der aparte haadstikken oer substraatgebieten bûten (Eric Hoekstra) en binnen de hjoeddeiske provinsje (Van Bree oer de mingdialekten lykas it Stedsk). De westerlauwerske literatuer hat mar leafst fjouwer haadstikken krige: 19-de ieu (Brouwer), 20-ste ieu

(Gezelle Meerburg), berneliteratuer (Van der Weg-Laverman) en oersettings (Krol). Ik wit wol, it Frysk yn it iene gebiet sit mear byt oan as yn it oare, en it tal spesjalisten leit ek hiel ferskillend, mar in bytsje in wanwichtige yndruk jout it no allegearre wol. Benammen it Sealtersk komt der no te skealik foarwei.

De histoaryske ôfdieling III sit better yninoar. Der is in trijedieling makke yn iere skiednis, Midsieuwen en nije en nijste tiid. Underôfdieling III.1 begjint mei tsjûgenissen oer de Friezen by antike skriuwers (Seebold). Dan folgje haadstikken oer de argeoly fan 'e trije Fryske gebieten. De rol fan 'e Friezen yn 'e Britske ynfaazje krijt apart omtinken (Hines), lykas ek it komôf fan 'e Noardfriezen (Arhammar). Mear taalkundich binne de ferhâlding fan it Frysk binnen it skift fan 'e âldere Germaanske talen (Nielsen) en de Fryske runeynskripsjes (Page).

De Aldfryske tiid is formeel net fierder opspjalte, mar de haadstikken binne wol sa byinoar set dat earst oer de eksterne omstannichheden praat wurdt, en dat dêrnei de taal sels op it aljemint komt. Sa wurdt dy moai yn in histoaryske kontekst set. It begjint mei algemiene haadstikken oer de midsieuske skiednis fan west en east (Vries) en noard (Panten), en dêrnei giet it mear spesifyk oer de skiednis fan it rjocht (Algra). Dêrnei folgje dan de stoflike dragers, de hanskriften en teksten, en de Leechdútske oersettings (beide treflike oersjoggen fan Johnston), en in apart haadstik oer de oarkonden (Vries). De geografyske en histoaryske yndieling fan 'e hanskriften krijt fan Bremmer it omtinken, en de delgong as skriuwtaal fan Vries.

Gjin inkelde fariëteit fan it Frysk krijt yn it Handuch taalkundich safolle omtinken as krekt it Aldfrysk. Der binne aparte haadstikken oer fonology en stavering (Boutkan), de morfology wurdt sels opspjalte oer bûging (Boutkan) en wurdfoarming (Munske), De Haan docht foar in part pionierswurk yn syn haadstik oer de syntaksis, en ek de leksikografy (Bremmer), leksikology (Boutkan) en persoansnammen (Timmermann) krije apart omtinken. Alles meiïnoar jout it hanboek yn in goed 130 siden in treflike ynlieding yn it Aldfrysk, dy't by wize fan sprekken sa as aparte útjefte ferskine kinne soe.

De ûntjouwings yn 'e nije en nijste tiid krije minder romte taparte. De algemiene skiednis wurdt kreas oer de trije gebieten ferparte (west: Vries; east: Schmidt; noard: Steensen), wylst Steensen noch in ekstra haadstik oer de ynterfryske relaasjes bydraacht. Feitsma skriuwt in goed en lêsber haadstik oer it Midfrysk, dêr't de taal sels spitigernôch wat oan 'e krapperein komt. P. Breuker bringt dêrnei de stadige standerdisearring fan it westerlauwerske Frysk yn kaart. It hichtepunt fan dizze ûnderôfdieling sit lykwols yn 'e sturt. Dêr wurde de ûntjouwings yn 'e histoaryske grammatika beljochte troch J. Hoekstra (west), Versloot (east) en Arhammar (noard), al beheint de lêste lykas sein him foaral ta de fonology. It weardefolle fan dy haadstikken sit him benammen yn it feit dat se ynformaasje op in ryche sette dy't oars hiel min tagonklik is. Men kin jin oars al ôffreegje wêrom oft Versloot hjir syn ferhaal oer twa haadstikken ferdielt: foar in part jouwe se deselde ynformaasje.

Sa't bliken dien hat, is sawol yn 'e kontimporêne ôfdieling II as yn 'e histoaryske ôfdieling III it hiele grutfryske taalgebiet meinaam. Mar de haadstikken

gongen wol hyltyd oer in aspekt yn ien fan 'e trije Fryske gebieten. Dat leit ek yn 'e reden. Yn 'e skiednis fan 'e frisistyk is de taal fan dy gebieten ek eins hyltyd los fan dy fan 'e oare Fryslannen bestudearre, en dat komt fansels wer omdat dy taalgebieten troch geografyske en histoaryske reden útinoarslein binne en gjin mienskiplike ûntwikkeling hân hawwe. Likegoed is der in ôfdieling IV opnaam dêr't yn besocht wurdt om in pear algemiene linen te lûken. Dat dizze ôfdieling lykwols de lytste fan it hiele boek wurden is, kin men fan tinken wol ha. Safolle mienskiplik is der domwei net, al hie der miskien mear yn sitten as dat der no yn dizze ôfdieling út komt. By it trochlêzen fan 'e nammekundige haadstikken falt tenminsten op dat der yn 'e Fryske gebieten op dat mêd in soad itselde is.

In aspekt wat de Fryske talen al mienskiplik hawwe is har status as Jeropeeske minderheidstaal. Gorter en Walker beskriuwe dy yn it lêste haadstik fan it hanboek, al wurdt dêr ek wol dúdlik dat de trije gebieten yn har stribjen om wat te berikken ek earder har eigen wei geane as dat se yn 'e mande aksje ûndernimme. Dêrfoar giet Jurjen van der Kooi yn op 'e folksferhalen. Hoewol't er de trije gebieten yn syn haadstik ek apart behannelet, makket er ek dúdlik dat se ûnderdiel binne fan in mienskiplik ferhalelânskip, dat lykwols wider fiemet as de Fryske gebieten allinne. It bêste oan 'e bedoeling fan 'e ôfdieling beantwurdzje dan ek de beide taalkundige bydragen, Versloot sines oer de fonology en Jarich Hoekstra sines oer morfology en syntaksis. Beide binne oant op grutte hichte pionierswurk, mar se meitsje no al dúdlik dat sok ferlykjend ûndersyk wolris nijsjirrige risseltaten opsmite kin.

En dan hat it Handbuch ek noch in ôfdieling I. Dy giet net, lykas de oare trije, yn op 'e risseltaten fan it frisistyske ûndersyk, mar op it ûndersyksbedriuw sels. Hy jout in oersjoch fan tydskriften en publikaasjesearjes (west: Vries; noard: Wilts), bybliografyen (Aldfrysk, west en east: Bremmer; noard: Wilts) en ynstitúsjes (Nederlân: Alex Riemersma; Dútslân: Walker & Wilts). Allegearre deeglike oersjoggen. Komysk is wol dat de beide bybliografen kleie oer de minne foarsjennings op bybliografysk gebiet, wylst no krekt dit Handbuch dêr in geweldige draai te'n goede oan jout. De BFTL, de *Bibliografie van de Friese taal- en letterkunde*, nimt oars it hiele Fryske taalgebiet mei, mar skynt yn Noardfryslân net bekend te wêzen, alteast, Wilts neamt him net. En Wilts nimt yn in alinea it Eastfrysk ek mei, wylst dat bybliografysk no krekt ûnder Bremmer foel. De koördinaasje hat hjir net hielendal optimaal west, wat opfallend is, omdat Wilts ien fan 'e redakteuren wie.

Foar dy seis dochs wat opnamerige haadstikken út geane fjouwer wat mear ferheljende haadstikken oer de skiednis fan it frisistyske ûndersyk. Bremmer behannelet it tiidrek oant en mei de 19de ieu, Feitsma hat de 20ste, en De Haan beskriuwt de "recent trends". De beide lêsten sitte dus útsoarte yn inoars farwetter, en hoewol't Feitsma sismar mei it strukturalisme ophâldt, binne der yndied ferskate oerlapings. Hoewol minder yn tal, hat De Haan ek oerlapings mei it fjirde haadstik yn dizze searje, dat fan Wilts oer it Noardfrysk.

Dizze fjouwer haadstikken binne stik foar stik treflike oersjoggen. Opfallend is wol, dat se har beheine ta de taalkunde yn mear of minder brede sin. In oersjoch fan 'e skiednis fan bygelyks it nammekundich en it letterkundich ûndersyk hie yn

sa'n hânboek tinkt my ek net misstien. Gjin niget dat guon auteurs fan 'e ynhâldlike ôfdieling II yn dat gat springe en ek hiele paragrafen oer de skiednis fan it ûndersyk fan har mêd op begjinne te nimmen. Ik neam hjir, yndied, de letterkundigen Brouwer en Gezelle Meerburg, en ek de dialektolooch Van der Veen is in opfallende foarbyld. Alles meiïnoar is dizze ôfdieling net sûnder tekoartkommings. Se moatte tinkt my foaral op it konto fan 'e redaksje skreaun wurde, dy't der wol wat mear stjoer oan jaan kind hie.

3. De haadstikken sels

No't wol dúdlik wurden is hoe't it hanboek yn grutte halen yninoar sit, woe ik de fierker ferroalje foar in mikroskoop en de haadstikken sels ris wat neier besjen. It soe lykwols wol hiel ferfelend wurde at se stik foar stik bylâns gongen waarden, dat ik woe my beheine ta in pear tema's.

De earste fraach doart men by sa'n tsjok boek hast net iens op it aljemint te bringen, mar hy moat dochs mar steld wurde: wat ûntbrekt der? Yn 'e koartlyn ferskynde *In skiednis fan 'e Fryske taalkunde* wie it ek al in opfallende omisje (sjoch Dyk 2000, 68), en it is eigenaardich dat hjir ek mar sa'n bytsje omtinken is foar de skiednis fan 'e taalstriid. Dat is yn dit hanboek namste aparter omt it Frysk en de Frysk lannen yn sa'n brede histoaryske kontekst set wurde. Wiene foar dat ûnderwerp no wier gjin auteurs te finen? Ik hie foar westerlauwersk Fryslân sa wol trije lju witten dy't skoan by steat west hiene om dêr in besteklik haadstik oer ôf te leverjen. En Thomas Steensen hie fansels de oanwiisde figuer west foar it Noardfrysk. Dy hat, it moat tajûn wurde, noch fjouwer siden oer it ûnderwerp yn syn haadstik "Geschichte Nordfrieslands in der Neuzeit" foar ynromme, mar westerlauwersk Fryslân moat it yn Vries syn oerienkomstige oersjoch dwaan mei mar ien alinea. It liket der dus earder op dat de redaksje it belang fan it ûnderwerp net sjoen hat. Mar at der wol allegearre omtinken is foar steatkundige ûntwikkelings, dan kin dochs op syn minst ek ferwachte wurde dat benammen bûtenlânske brûkers witte wolle hoe't dizze minderheidstalen yn 'e rin fan 'e tiid maatskiplik funksjonearre hawwe, en hoe't der nei sribbe is om se in grutter plak te jaan. Wis, der binne aparte haadstikken oer de ynterfryske betrekkingen en oer it Frysk yn 'e hjoeddeiske Jeropeeske kontekst, mar dat binne fansels mar dielreinen, der is oer it ûnderwerp folle mear te melden.

By de grammatikale oersjoggen falt op dat sokke tradysjonele mêden as lûdlearre en foarmlearre oeral wol goed fertsjintwurdige binne, mar dat dat folle minder jildt foar wurdfoarming en syntaksis. In foarbyld is haadstik 29 oer de Noardfryske dialekten. Slimmer is lykwols, dat de titel dêr lang net de lading dekt: dy beheint him fierhinne ta it Fering, Sölring en Mooring. Dy dialekten ha miskien hjoeddedei noch wol de measte sprekkers, mar taalkundich is dat fansels gjin kritearium: dy oare sân Noardfryske tongslaggen binne yn prinsipe like nijsgjirrich. Wêrby't dan noch wer opfalt dat in literatuerferwizing nei de wiidweidichste Noardfryske grammatika, Lasswell (1998) sines oer it Sölring, ek mist.

Fan 'e omisjes yn 'e oare taalkundige haadstikken kinne neamd wurde, dat Feit-sma yn haadstik 14 oer de "Verschriftung" fan it westerlauwerske Frysk pas mei Gysbert Japicx begjint, wylst der yn 'e Midsieuwen fansels ek al yn it Frysk skreaun waard; dat Boutkan yn syn behanneling fan 'e Aldfryske morfology naveant wol in hiel soad plak ynrommet foar it hânskrift R1, en hast net foar de oare hanskripten; dat J. Hoekstra yn haadstik 72 yn syn oars treflik oersjoch fan 'e westerlauwerske histoaryske grammatika alhiel gjin omtinken jout oan bygelyks de perifeare dialekten Hylpersk, Skylgersk en Skiermûntseagersk (en jitris: dy binne taalkundich wier net minder nijsgjirrich); dat it spitich is dat Nielsen yn haadstik 48 net yngiet op de ferhâlding fan it Aldfrysk ta it Skandinavysk; en dat - ik moat myn komôf net ferjitte - Van Bree yn syn haadstik oer mingdialekten it Feenster nearne net neamt. Boppedat moat my fan it hert dat Dykstra syn haadstik oer de leksikology fan it westerlauwerske Frysk wol hiel koart om 'e hoeke giet. Hy hie him bygelyks ynspirearje litte kind troch Boutkan sines oer it Aldfrysk. Hoewol't se yndied faak net ferskynd binne yn itige wittenskiplike boarnen, hie er om my ek wol even melde kind dat der gâns oansetten ta leksikologyske stúdzje ferskynd binne yn al dy Fryske taalrubriken yn kranten en periodiken. Der is mei oare wurden mear as dat no liket.

De letterkundige bydragen hiene hjir en dêr ek wol wat wiidweidiger kind. Van der Weg-Laverman behannelet de berneliteratuer, mar allinne dy fan 'e twadde helte fan 'e 20ste ieu. Foar de 19de ferwiist se nei in oar stik fan har, en oer de foarste helte fan 'e 20ste wurdt hielendal net praat. Hjir keapet in brûker fan in hanboek dus net safolle foar. Jelle Krol behannelet de oersettings op in treflike wize, mar allinne dy nei it Frysk ta. Oer oersettings út it Frysk wei bliuwt de lêzer yn it tsjuster. E. Brouwer hat de 19de-ieuske literatuer as ûnderwerp. Op himsels in prachtich stik, mar winliken publisearre op it ferkearde plak. Mar in lyts part giet direkt yn op 'e literatuer sels. Dy kriget temin syn gerak neffens it wiidweidige omtinken foar de lettere omgong mei en stúdzje fan dy literatuer, dêr't Brouwer nei myn smaak foar in hânboek ek tefolle in persoanlike konfrontaasje mei oangiet.

En sa binne der wol mear plakken dêr't men tinkt: spitich. De nammekundigen beheine har ta plak- en persoansnammen, en litte bygelyks wetter- en lannammen sitte, hoewol't Timmermann foar Noard-Fryslân dan wol wer nammen fan eilannen, kriteen en polders meinimt. Timmermann jout yn syn haadstikken ek listen fan nammen, wylst syn kollega's Gildemacher en Ebeling dat net dogge. Schmidt behannelet kreas de algemiene skiednis fan East-Fryslân, mar immen dy't dochs wat mear witte wolle soe oer krekt dy twa gebieten dy't foar it Frysk fan bysûnder belang binne, Wangereach en Sealterlân, dy fynt dêr by him neat oer. Gorter hat yn syn stik oer it brûken fan it Frysk fan alles by de ein, mar hie faaks ek wol even de opmerklik sterke posysje fan it Frysk yn 'e toanielwrâld neame kind. En immen dy't wat oer de foarnamwurden yn it Frysk witte wol, moat fan Hoekstra yn haadstik 12 op allegearre ferskillende plakken sykje, en dan noch komt er neat te witten oer de freegjende foarnamwurden.

Foar it lykwicht moat sein wurde dat it hanboek hjir en dêr ek mei ynformaasje komt dy't oarsearne noch net te finen is. Sa komme by myn witten Van der Veen yn syn stik oer de westerlauwerske dialekten en Munske yn it haadstik oer de Aldfryske wurdfarming mei nije feiten. Versloot syn morfologyske paragraaf oer de Eastfryske taalskiednis (haadstik 73) liket basearre op nij ûndersyk. En dat kin grif sein wurde fan Ârhammar syn wol tige lang útfallen haadstik 31 oer it Noardfrysk yn syn kontakt mei oare talen. Dat stik jout mei al syn feiten en feitsjes eins wer tefolle foar in hanboekartikel. Ârhammar syn haadstik hie mooglik ek koarter wurden at er de mooglikheid fan in ynterne Noardfryske ûntwikkeling ek mei hifke hie; no wurdt alles wol hiel fluch oan eksterne ynfloeden taskreaun (sjoch resint Hoekstra (2002, 202) foar dy tsjinstelling yn it ûndersyk fan it Noardfrysk). Op in oare wize kin nammers ek sein wurde fan Van der Veen dat dy te wiidweidich is, want dy mient dat er earst in algemiene ynlieding yn it fak dialektology jaan moat.

Kin men dêr oars noch fan úthâlde dat soks oan it better ferstean fan it stik gjin skea docht, dan moat dat wol sein wurde fan Van der Veen syn wize fan behanneljen fierderop. Hy hat der foar keazen om te melden wêr't in beskate foarm allegearre foarkomt, ynstee fan dat er útgiet fan de algemiene eigen skaaimerken fan 'e ûnderskate dialekten. Boppedat bemjukset er de mingdialekten fleurich troch de Fryske hinne, ynstee fan om dy oan Van Bree oer te litten. Sa binne der mear haadstikken dy't hjir en dêr wol wat helderder kind hiene. Ârhammar giet der bygelyks yn 'e haadstikken 31 en 75 wat al te maklik fan út dat de lêzer wol Noardfrysk, Platdútsk en Aldfrysk kin. Sokken as Nielsen en Boutkan nimme neffens my ek te folle oan dat se inkeld skriuwe foar kollega-wittenskippers yn itselde fakgebiet. Se hiene, om mar ris ien te neamen, in foarbyld nimme kind oan Raymond Page, dy't it slagget om it dochs net al te tagonklike ûnderwerp fan 'e runeynskripsjes ynsichtlik út de doeken te dwaan. En Pieter Breuker hie yn syn behanneling fan it standerdisearringsproses fan it westerlauwerske Frysk miskien mar better in gewoane tiidsbalke hantearje kind ynstee fan 'e taalkundige yndieling yn Ald-Mid-Nij, want no snijt de foar syn ûnderwerp dochs wol tige wichtige 20ste ieu der wat ûnder. Mar alles meiinoar binne dit mar lytse dinkjes. Oer it ginneraal fertsjinje de auteurs in grut kompliment dat se it measte sa begryplik foar de hearen brocht ha; ek by mêden dêr't ik sa goed as neat fan ôf wist haw ik eins nea it gefoel hân dat it my boppe de pet gie.

Foar sa'n tsjok boek falt it tal feitlike ûnkraktheden foarsafier't ik besjen kin ek tige ta, ek al binne se der wol. Sa neamt Van der Veen yn haadstik 13 foar 'doar' it Súdwesthoekster meartal *durren*, mar dat suggerearret in te sletten iepeningsgraad fan 'e stamfokaal: it is earder *dörren*. Hy suggerearret boppedat dat it Skiermûntseagersk tagelyk al en net afrikaasje hat; it hat it net. Yn kolom 743a sil ûnderoan mei "Harl." wol Wurster bedoeld wêze. Breuker neamt yn haadstik 15 de ynterferinsje *stiel* > *staal* fonologysk, mar it Hollânske "staal" sil wol mei ham en gram oernommen wêze, en dan kin men dit foarbyld better by de leksikale ynterferinsjes ûnderbringe. En Feitsma fiert yn haadstik 70 oer it Midfrysk Hilarides op as psalmdichter, en dy talinten fan 'e man wiene my ek net bekend.

4. Konklúzje

Syn monumintale ferskinning soe jin maklik ferrifelje kinne, mar it Handbuch is nu sûnder lek en brek. Guon dingen krije gjin of temin omtinken, it boek is hjir en dêr ûnlykwichtich yn 'e ferhâlding tusken noard, east en west, en de koördinaasje tusken de haadstikken hie soms ek better kind.

En dochs meie we bliid wêze dat it hânboek der úteinliks nei safolle ynspanning wol kaam is. It boek befettet in grut tal treflike oersjoggen. Foar de PR fan 'e frisyk is it in boppeslach. It nimt alle Fryske gebieten mei. Troch syn registers is goed tagonklik. It is in seldsum praktysk útgongspunt foar fierdere literêre tuerstúdzje. Soms set it dingen op in rychje dêr't oars hast net efter te kommen is. Sels komt it foar dat der noch wer nij ûndersyk yn presintearre wurdt. Dat doch net mislike bedrach fan 150 euro is de oanskaf mear as wurdich. Eins soe elk dy har of him frisist neamt, dit boek op it nachtkastke lizzen hawwe moatte.

Siebrén Dyk

BIBLIOGRAFY

- Dyk, S. (2000), [besprek fan A. Dykstra & R.H. Bremmer Jr, In skiednis fan 'e Fryske taalkunde], *Us Wurk* 49, 64-71.
- Hoekstra, J. (2002), 'Zum Suffix -(l)is, -els, -sel in der nordfriesischen Mundart von Föhr und Amrum', *Nordfriesisches Jahrbuch* 38, 193-210.
- Lasswell, S.T. (1998), 'An ecological reference grammar of Sölring North Frisian'. Net útjûne dissertaasje University of California at Santa Barbara.
- Munske, H.H. (1979), 'Die Frisistik - ein Mauerblümchen der germanischen Sprachwissenschaft'. Yn: N. Ârhammar & T. Hoekema (útj.), *Scripta Frisica. Tinkbondel foar Arne Spenter (1926-1977)*. Grins, Frysk Ynstitút, [= Us Wurk 28], 163-178.
- Munske, H.H. (1995), 'Bemerkungen zu Situation und Perspektiven der Frisistik in Deutschland'. Yn: V.F. Faltings, A.G.H. Walker & O. Wilts (útj.), *Friesische Studien II. Beiträge des Führer Symposiums zur Friesischen Philologie vom 7. 8. April 1994*. Odense, Odense University Press, 165-176.
- Munske, H.H. (2002), 'Von den ältesten Spuren bis zur aktuellen Sprachpolitik "Handbuch des Friesischen" in Alkersum präsentiert', *Nordfriesland*, nr. 138 19-24.
- Siebs, Th. (1901), 'Geschichte der friesischen Sprache'. Yn: H. Paul (útj.), *Grundriss der germanischen Philologie. I.* Strassburg, Karl J. Trübner, 1152-1464.